

## **5 maaie taspraak kommissaris fan de Kening drs. A.A.M. Brok Ter gelegenheid fan it ûntstekken fan it frijheidsfjoer yn Ljouwert.**

Juster wie in dei fan betinken. Hjoed in dei fan fieren.

Wy fiere hjoed ús befrijing foar de 76e kear. Betinke en fiere lizze tichtby elkoar.

Frijheid is net fanselsprekkend. Noch nea wie der yn ús part fan Europa sa'n lange perioade fan frede. In ûnbeskriuwelike rykdom. Dêr moatte we súnich op wêze.

Binne wy ús dat bewust genôch?

Utslúting, diskriminaasje en rasisme woekerje noch hieltiid rûnom. Yn Europa, mar ek yn Nederlân en dus ek yn Fryslân.

Frijheid is as in hûs dat bliuwend ûnderhâld nedich hat.

Foar dat ûnderhâld binne we allegear ferantwurdelijkheid.

Fryslân wie yn de oarloch in feilich hûs foar tûzenen minsken op flecht foar ferfolging, geweld en hongere:

- Joadse bern dy't nei Fryslân smokkele waarden fûnen hjir in feilich ûnderdûkkersplak.

- Foar minsken út de stikkensketten doarpen en stêden út súden en midden fan it lân stie hjir in bêd klear.

Koartlyn ha wy noch in betinking hân fan de 20.000 flechtelingen út Roermond dy't yn Fryslân west ha yn it lêste oarlochsjierr.

Fryslân wie mear as in feilich hûs. It wie in thúsh.

Mei tanksij stille helden. Gewoane minsken dy't bysûndere dingen diene. Dy't frjemdelingen opnommen mei gefaar foar eigen libben. Se dienen it omdat se fûnen dat it sa hearde.

Miskyn ha jo jesels wolris ôffrege wat jo dien hiene?

De oarloch hâldt ús in spegel foar. Elk jier wer komme der nije ferhalen boppe út de tsjustere perioade. Telkens wer mei aktuele wearde en betsjutting.

Wy ûnderfine sûnt in jier in bytsje wat it is om beheind te wurden yn ús frijheid. In fergeliking meitsje mei de oarloch giet net op.

De definysje fan frijheid hjoededei is dat je wer op in terraske sitte meie. Is dat wier wêr't it om draait? Is befrijdingsdei it grutte optreden by de Aldehou?

Oarloch en frijheid foarmje ús mienskip nei 76 jier noch hieltiid. Se bin diel fan ús kollektive identiteit.

Se foarmje it fûnemint fan it hûs weryn't wy mei inoar libje. It hûs dat we mei inoar ûnderhâlde moatte. Yn Fryslân, yn Nederlân, yn Europa en de rest fan de wrâld.

Hoe soene de Armeniërs tinke oer harren befrijdingsdei yn relaasje ta de genocide.

En wat betsjut it foar Navalny yn Ryslân?

En foar de Oeigoeren yn Sina?

Soene hja by befrijingsdei ek tinke oan in konsert by de Aldehou?

Litte we de ferhalen trochfertelle. Hjoed. Moarn. Alle dagen.

Dat frijheid net fanselssprekkend is. Frijheid jouwe je troch.